



Utnoeging

Kleine Rozenstraat 7b
9712 TL Grins
Tillefoan (0031) (0)6 10529997
E-mail:
skriuwerapesturtsjefykpuntnl

Juny 2010

Fryskbusters! Earste Ynterfrysk Simmerkamp foar jongerein

Bêste freonen, jongerein út de trije Fryslannen,

Foar it earst sil fan it jier in Ynterfrysk Simmerkamp foar jongerein plakfine. Fan 31 july oant en mei 4 augustus moetsje jonge Friezinnen en Friezen út Westerlauwersk-, Easterlauwersk- en Noard-Fryslân harren yn it lânhus Scharrelerdamm yn Sealterlân.

It simmerkamp wurdt organisearre troch it Friesisches Forum e.V. (Easterlauwersk-Fryslân), it Frysk Ynternasjonaal Kontakt (Westerlauwersk Fryslân) en de jongereinferiening Rökefloose (Noard-Fryslân).

Wy sille net allinnich fan de sinne, it lânskip en de frije tiid genietsje, mar ek sille wy jim konfrontearje mei ús mienskiplike Fryske identiteit. Utgongspunt foarmet it inoar kennen learen. Mei inoar wolle wy Sealterlân as lytste taalkundige eilân fan Europa ferkenne; ek in ritsje mei de Moorexpress Foankieker stiet op it program. Jûns sille lêzings en foardrachten plakfine. Fierder sille wy mei inoar oan in radio-útstjoering wurkje en ek de sport sil oan bar komme.

Dielname oan de útwiksel kostet €55,00 de dielnimmer (reiskosten sels betelje). Oanmeldings en oankomsttiden graach oanjaan by it Frysk Ynternasjonaal Kontakt (e-mail skriuwerapesturtsjefykpuntnl, tillefoan 06-10529997). Wy freegje jim jim **uterlik 1 july** op te jaan mei it taheakke oanmeldingsformulier.

Eala Frya Fresena!

Anouk Doornbos

Markus Grafenburg

Helen Christiansen

**Oanmelding foar de Ynterfryske útwiksel FRYSKBUSTERS
fan 31 augustus oant en mei 4 augustus 2010
yn Sealterlân (Landkreis Cloppenburg)**



(Sjoch ek: www.facebook.com → Groep Fryskbusters)
<http://www.facebook.com/group.php?gid=108336455862841&v=wall>

Hjirmei meld ik my definityf oan foar de
ynterfryske útwiksel FRYSKBUSTERS:

Foarnamme en efternamme: _____

Adres: _____

Postkoade en wenplak: _____

Bertedatum: _____

E-mail-adres: _____

Ik wol foar de útwiksel graach bêdeguod bestelle (€5,00 ekstra)

Ik haw in lift nedich en wol jim freegje de carpool te koördinearjen

Ik meitsje it bedrach à €55,00 oer op rekkennûmer 2268.300 op namme fan
Friesisches Forum e.V. yn Simonswolde (Germany), mei fermelding fan :
Fryskbusters.

Bank: Raiffeisenbank Moormerland eG (Germany; Bankleitzahl 285 637 49).
IBAN: DE26 2856 3749 0002 2683 00. **BIC:** GENODEF1MML.

Plak, datum Hantekening

(by minderjierrigen ek in hanteken fan de âlder(s)/fersoarger(s))

Dizze oanmelding graach foar **1 july 2010** ferstjoere oan it Frysk Ynternasjonaal
Kontakt, p/a Kleine Rozenstraat 7b 9712 TL Grins of per e-mail
skriuwerapesturtsjefykpunt.nl

Foar mear ynformaasje oangeande it ferbliuw sjoch ek www.scharrelerdamm.de

Adres: **Kinder- und Jugendhaus Scharrel**
Alter Scharrelerdamm 12
26169 Friesoythe (35 km west fan Oldenburg)

Programoersjoch

	Sneon 31 july	Snein 1 augustus	Moandei 2 augustus	Tiisdei 3 augustus	Woansdei 4 augustus
Moarns (10-12 oere)		Fytstocht nei de Johanniterkapel yn Bokelesch; mei in tawijing fan Pfarrer Moormann yn it Sealterfrysk	Taalcrashkursus Sealterfrysk	Besite oan it radiokanaal "Ems-Vechte- Welle" (yn it gebou fan de Seelter Buund ûnderbrocht); eventueel ek eigen ynstjoering produsearje	Opromjen; evaluaasje en perspektiven fan it Ynterfrysk Wurkferbân / feedback
Middeis (12-14 oere)	Oankomst; middeisite n	Middeisiten	Middeisiten	Middeisiten	Middeisiten; ôfreizgjen
Neimiddeis (14-16 oere)	Fryskbuste rs get to know each other – Impuls	Rûnrit mei in âlde lokomotyf (Torflöre) troch it Ramsloher Moor ("Foankieker")	Sportworkshop	Stedsbesite mei gelegenheid ta winkeljen of swimmen	
Jûns	Untfangst fan de mienskip Sealterlân; oanslutend kampfoer mei exchange market		Gretchen Grosser lêst yn it Sealterfrysk en fertelt oer it Sealterlân	Ofskiedsfeest Muzyk/Band	

Moarnsiten eltse dei om 08.30 oere

Priis foar eltse dielnimmer: €55,00

Der sille workshops oanbean wurde op it mêd fan:

- **Fryske identiteit**
- **Kultuer**
- **Skiednis fan de Fryslannen**
- **Taal**

**Foar mear ynformaasje kin kontakt opnaam wurde mei it Frysk Ynternasjonaal Kontakt
(Anouk Doornbos, tillefoan +31 (0)610529997 of e-mail skriuwerapesturtsjefykpunt.nl)**